

verhaal 50

Hoe't in "grifformearde preekstoel" in twadde libben krigen hat yn in hersteld hervormde gemeente yn Ridderkerk

Yn 2013 soe de musical Jona yn de Westereintsjerke opfierd wurde. Om foar yn de tsjerke wat mear romte te meitsjen foar in grutter podium, kaam de fraach bij de tsjerkeried oft de preekstoel, de âlderlingen en diakensbanken der ek út mochten.

Ik fûn dat earst mar neat, mar letter wenden wy ek alwer oan it idee en it die bliken, dat der op de gemeentejûn einliks net ien op tsjin wie.

Dus it soe mar heve.

Doe kaam ik mei de fraach wat dogge wij mei de preekstoel?

De tsjerkerintmasters seinen: goai him mar yn de kontener, mar dat gong mij fiersten te mâl, dat soe foar my fiele as hillichkeining.

De Westereinstjerke is yn 1913 iepene en dus hat de preekstoel der krekt 100 jier yn stien.

Myn broer Jimte en ik (Pier) ha de preekstoel der foarsichtich, yn meardere dielen, úthelle.

Dernei hat der wol 2 jier bij mij yn Raerd yn de loads stien.

Se fregen my wolris: "Silst do hjir begjinne te preekjen"? No dat moast mar net.

Letter ha ik him ferkocht oan in antikêr yn Snits en de opbringst kreas oermakke nei de tsjerkerekken.

Dernei bin ik in pear kear nei dy antikêr ta west om te freegjen oft de preekstoel al in plakje krigen hie, hyj hie him nammentlik op Marktplaats setten.

Letter kaam ik nochris bij him te freegjen, en doe sei hy tsjin my: "De preekstoel is ferkocht". Hy miende mar wakker dat er nei in tsjerke op Urk gongen wie.

Mar spitich genôch hie hy gjin adres of sokssawat.

Ik woe dochs hiel graach witte wêr't de preekstoel bedarre wie.

Yn it 'Jaarboek fan de kerken' fûn ik it tillefoannûmer fan de skriba fan de PKN tsjerke op Urk.

Efternei blik de man gjin skriba mear te wêzen, mar hy hie noch wol genôch kontakten yn de tsjerkewrâld dêre.

Hy fûn myn fraach en it ferhaal derom hinne, wol sa nijsgjirrich dat hy sei my ta, om op ûndersyk út te gean.

Mar syn rûnfreegjen op Urk smiet neat op.

Dernei hat hy in oprop yn it 'Urkerland' setten, in krantsje dat op ûngefear 800 adressen lêzen wurdt.

Der kaam al gau in reaksje op, net fan Urk mar fan ds. Kaptein (in âld Urker) en no dûmny yn Sommelsdijk.

Hij lies it Urkerland dus ek noch. Dizze ds. Kaptein hie in berop oannommen nei Ridderkerk en dêr wat grútsjen heart oer in preekstoel út Fryslân. Fan doe ôf kaam der skot yn de saak, want dernei ha de minsken út Ridderkerk kontakt opnommen mei de skriba fan Urk. En sadwaande krige ik in tillefoantsje fan Urk dat ús preekstoel út de Westereinstjerke no yn de spiksplinternije Sionskerk yn Ridderkerk stiet. Dit wie foar my prachtich nijs. Ik krige mailadressen fan de minsken dy't yn Ridderkerk by it oantugen fan de preekstoel belutsen wiene.

In sekere menear Neeleman fertelde my, dat se in tsjerke bout hiene mei in klassike útstrieling en foar de ynrjochting fan de tsjerke sochten se om klassike c.q. nostalgyske eleminten.

Sadwaande kaam ús preekstoel dêr dus prachtich fan pas.

Roelie ek ik seinen tsjin inoar der wolle wy in kear hinne te sjen. Mar it soe noch moaier wêze as wy op in snein gongen, want dan kinne wij der in tsjerketsjinst meimeitsje.

Ofrûne juny wiene wy yn Ouddorp op de camping en doe binne wy op in sneintemoarn nei Ridderkerk riden.

Wy hiene ús foar de tiid al efkes tillefoanysk oanmelden. Wij waarden der hertlik ûntfongen en wy seagen ús de eagen út de holle. Safolle minsken, jeugd en bern. Der kinne ûngefear 600 minsken yn die tsjerke en hy siet smoarfol.

De koster moast in plakje foar ús sykje en sa kamen wy yn de twadde bank fan foaren te sitten, rjocht foar de preekstoel. Roelie hie fansels net in hoed op, mar fierder wiene der hast gean froulju sûnder hoed. Sels jonge froulju en famkes hienen wat op de holle.

Us tsjinst begûn om healwei tsienen en de middeistsjinst wie om 5 oere en dy wurdt ek altiten goed besocht.

De ferskes (meast psalmen) wurde op hiele noaten songen, dat ha wy noch nooit earder meimakke, mar it went ek al gau wer.

It wie in bysûndere tsjinst, al duorre it wol wat langer as bij ús, mar hawar, wij hiene fakânsje.

De preek bestie út 3 punten (dat wie froeger by ds. Zelle ek altiten sa).

De tekst wie Jesaja 55 fers 1: "O alle, gij dorstigen komt tot de wateren, komt, koopt en eet, de prijs is betaald!!!

Al mei al, ha wy in moaie tsjinst meimakke, en de preekstoel stie der wer as nij foar.

Nei de tiid ha wy noch mei de fam. Neeleman om kofje west en ha we noflik neipraten.

Sy fregen ús hoe as wy de tsjinst belibbe hiene. Wy ha derop sein, dat it wol hiel oars is as by ús, mar dat it der foaral net om giet, wat no minder as better is.

Wy binne bliid en tankber dat de lofsang en de ferkundiging dêr ek troch giet.

En dat er fan ús preekstoel ôf preke wurdt, is fansels hielendal geweldich.

Neffens ús kin de preekstoel wol wer 100 jier mei.

Pier en Roelie Dijkstra

Raerd